

1897

—

1947

50 JIER

FAN HIMMELOM ~ NEI HIMMELOM

REVUE YN 2 DIELEN, EN 10 BIELDEN,

OPFIERD BY IT BITINKEN FAN IT

50 JIERRIG BISTEAN VAN DE KOÛPERAESJE

"HIMMELOM"

to





HIMMELOM.

op 15 + 17

April
~~MAERT~~ 1947.

DIEL

I - II



Revue yn twa dielen en in foarspul.

B I E L D E N :

1. Foarspul.
2. Repetysje.
3. By de hameije.
4. Suvelbiwurkers.
5. It sjongende oargel.
-
6. Dy goede âlde tiid.
7. It bitsjoende ierpelbakje.
8. De wûnderdokter.
9. Selsfoarsoargers.
10. Dou lyts plakje groun.
-

F O A R S P U L : Tiid 1895. Op in neimiddei yn 'e Slachtmoanne.
Persoanen: Jarich Ritskes, âld boer, 70 jier.
 Yfke, syn frou.
 Jarich, harren pakesizzer, 20 jier.
 Yfke, " " 16 jier.

Toniel in âlderwetske tsjernherne.

Rjuchts in greate skoarstienmantel; hout en turffjûr op'e izeren plaet.
In koperen tsjettel oan in izeren earm met kjetting.

Tange oan it lewant. Greate stoarten doafpot.

Yn 't midden in rounne tafel mei swilk. Kofjekanne op fjûrstoofke, blauw
kofjereau. In pear stoven. Plaetstove. Frieske knopstoellen.

Lofts twa finsters, boppe en ûndergerdyntsjes. Dêrtusken sturteklok.

Eftergroun: de tsjerne leit op in pear skammels, kleedtsje der oer,
polsstok en deksel.

Klean nei dy tiid.

As it kleed opgiet, sit Yfke, -de pakesizzer- lofts by it finster
to spinnen. Hja sjongt:

As tsjerne, amers, aden,
Wer glimjend skjin yn 't tsjiishok stean;
De jountiid glydt sa heimich
Oer lannen, paeden en lean',
Dan gripe de hannen de wiede,
en spinnend heart men it liet:

Refrein: Spinnewiel, spinnewiel, gyslje mar tige,
Spinnewiel, spinnewiel, draei fleurich yn't roun.
De hannen plúzje de hierkes oprige
Wurdt swietwei it triedtsje ré spoun!

Yn lange tinne rigen
Glide hierkes ús troch de hân,
Al mar traepje en draeije,
Sa komme de triedden ta stân,
Wylst loftich draeit er de wiede,
en spinnend klinkt dan ús liet

refrein:

Under it lêste fers is har broer Jarich fan rjuchts opkommen; bliuwt by de doar stean; giet wilens nei rjuchts foar.

JARICH: Kom, dou hast noch in goed sin!

YFKE: (it wiele rêst) Dou net?

JARICH: (koart) Ne!!

YFKE: (spint wer) Doch dan lyk as ik, en sjong
" Yn lange winterjounen,
" as tsjusternis de ierde omfet
" en't lampeljocht sa grillich
" de skaeden smyt op murre en sket ...

JARICH: Hâld op, Yf !

YFKE: (forbare, hâld op, leit de wol op'e wiele, en set dy oan kant.)
(dreech) Soe in kop kofje net goed foar dy wêze?

JARICH: Och, forhip! (rint nei efteren, bliuwt by de tsjerne stean).

YFKE: (nei de tafel) Dan sil'k my sels mar ris ynjitte.
(jit in pear kopke's yn, nimt Jarich tige op)

JARICH: (stiet noartsk by de tsjerne, en tippelt mei it kleedtsje).

YFKE: Skeelt er hwat oan it kleedtsje?

JARICH: Ho sa ?

YFKE: Och, sa mar

JARICH: Ik freegje my ôf, ho lang astou dy noch krom bjinne silste op dat ding.

YFKE: Bin ik dan krom ?

JARICH: (draeit him nei har ta) Dou bigrypst my net !

YFKE: Jawol, Jarich. En ik stel my sels dy frage ek wol ris.

JARICH: (fearet op) As it nou hwat joech.... Yf, ik wol sa net langer!

YFKE: Ho mienste ?

JARICH: Is my dit in libben -- arbeidzje fan moarns ier oan't jouns let ?
Nea in ûre ûntspanning ?
En mei hwat takomst, freegje ik dy ?

YFKE: Kom, kôm, drink ris op ... dou bist alhiel oeral !

JARICH: Bin ik ek. Yf - dy wol ik it sizze - wiken ha'k er mei ompakt;
jouns ûren oer lein to prakkesearjen.....
Mar ik ha myn bislút naem --- ik gean fuert!

YFKE: (kjel) Dou! ? -- Hwerhinne ?

JARICH: Wit ik noch nat -- Sjuch, dat makket my soms sa twivelriedich.
Dan wer komt de boer yn my boppe; dan wer it sémansbloed, dat
ik fan memmekant yn'e ieren ha.

YFKE: (foardel) En ik -- hwat moat ik dan ?

JARICH: Dat is nou it swiere. Do't heit en mem op ien dei ús ûntfoelen,
do haw ik my foarnaem, om op dy to passen; al wier ik do ek noch
mar in jonge fan toolve jier.
Hwerom moast dat ûnk harren fine ?

YFKE: Memme skuld, seit Beppe. It hie de hiele winter al tich wetter west. Do't de taei allang ynfallen wier, woe mem noch op redens nei Molkwar. De jouns oerfoel har de mist, en rieden hja yn in kiste

JARICH: Beppe hat mem nea útstean kinnen, omdat hja mar in fiskersdochter wier. (dit tige bitter)
(giet lofts fan de tafel sitten en drinkt syn kofje op)
Nou witst it.....

YFKE: (smyt in pear turven op it fjûr) Ja,... nou wit ik it.....
(effen wachtsje, draeit har dan forheftich om) En gelyk haste!
Ik woe, dat ik ek in jonge wier, dan gong ik mei!

JARICH: Dos, dou bist it mei my iens ?

YFKE: Gaan dyn gong, Jarich. Ik sil my ek wol rêdde! Arbeidzjen haw ik hjir tominsen leard; ta spinnen ta!

JARICH: Hwa spint nou noch ? Hwa hat in fjûrdobbe ? Hwa tsjernet en tsiiset noch sels? Jarich Ritskes en noch in pear oare âlde dwerskoppen! Neat jowe se út; mar der wurdt ek neat makke. Mar pake is oer gjin strie to skuorren!

YFKE: Hwer't beppe him yn stipet! En nou ek noch wike oan wike twadde keur bûter!

JARICH: Is dat sá'n wûnder? Is dat melken yn sa'n smoarge jester? De kij gjin dekken op; twa kij mei hurde feanen. De mólke mei net apart; dat kin der net ôf. Dan mar twadde keub!
Hwat hat pake bard foar dat skoander weinfol grouwe tsiizen, dat ik nei Balk brocht ha? Toalve sinten it poun !!

YFKE: Sst.... ik hear beppe!

BEPPE: (fan rjuchts op) Pake komt er oan. Help dou him aenst effen to útslaen Jarich! En nim dan de kofje mei foar Sjouke, dan kin dy de kij ophelje.

JARICH: Ik woe, dat se opstiene. 't Is al nei Allerheljen!

BEPPE: Sa rom is 't hea net!

JARICH: (bitter) En dan noch grou en útwoeksen. As in oar hast dien hat sille wy oan 't meanen. It neigêrs hea koe better forrotsje dan ynkuild to wurden!

BEPPE: (forwitend) Jim pake hat altyd in goede boer west!

JARICH: West....ja, mar de tiid stiet net stil en pake wol!

YFKE: (hat de kofje yn in stûrskop yngetten - hastich)
Hjir is Sjouke syn kofje.

JARICH: Moai!.(nimt de kop en giet der mei ôf)

BEPPE: (sjucht him skodholjend nei) Hwat Jarich de lêste tiid skeelt..
Hast de klosse fol?

YFKE: Noch net!

BEPPE: Nounoch net?

YFKE: Ik haw der gjin nocht oan,beppe.

BEPPE: (skerp) Dêr giet it net by út!

YFKE: Hwêrom sit ik noch to spinnen. Hwa docht dat nou noch?
Alle famkes hawwe kochte hoazzen oan; ik rin yn grouwe skieppegrizen om! Dat, wylst it jern by heapen yn'e winkels leit!

BEPPE: Eigen is sterken!

YFKE: (bitter) En kostet gjin jild!

BEPPE: ~~Fest~~ dy to sizzen! Ha wy jim net neaken en bleat hjir krigen?

YFKE: (sarkastisk) De bern fan in fiskersdochter!

BEPPE: (lilk) Swij dou! Skulden lieten jim âlden nei; dêr 't wy nou noch krom foar lizze op ús âlde dei.

YFKE: Koene heit en mem it helpe, dat de tiiden sa efterút gien wierne? Kinne wy it helpe? Melk ik ek gjin fjirtsjen kear yn'e wike mei? Forgrime Jarich en ik ien sint? Jow ús hwat mear libbenswille, beppe. Wy binne ek jong!

PAKE: (fan rjuchts, hege siden pet op, duffeltsje, swipe yn'e hân.) Hwat hâldt dat yn?

YFKE: (kjel) Och.... neat.
(giet wer sitten tp spinnen).

BEPPE: Ho wier 't hjoed?

PAKE: (set de swipe del, waermt syn hannen) Twadde fansels!

BEPPE: Al wer mis -- En?

PAKE: Acht en tweintig goune. Hwêr moat de rinte wei komme. Der sille wol in pear ky fuort moatte!

BEPPE: Mismoedich) Ik hie noch wol sa myn best der op dien!

PAKE: (Giet rjuchts foaroan sitten) Jit ris yn. Der wief nijs yn Balk, net in bytsje.

BEPPE: (ynjitte) Oer dy sprekkerij van jisterjoune?

PAKE: Dêroer aenst. Se wolle yn Himmelom in febriek stiftsje, as boeren meimekoar. Menhear van Swinderen wier der ek tige foar. (gnyskjend) En, of't ik ek mei die?

BEPPE: (kjel) Dou sist dochs wol wizer wêze!

PAKE: Wat mienst dou dan?

BEPPE: Ik soe tominsten sizze. Salang as ik de holle tille kûn, jow ik it bûterjen net út hannen.

YFKE: Dan ~~leaver~~ twadde keur!

PAKE: Swij dou! Mar it is nou út. Moarn komt Japik fan'e Gaestmar.

JARICH: (komt op) Dy ryksdaelder en flesse jenever hiene Jy bispaerje kinnen, pake!

PAKE: Dou sist it wol witte!

JARICH: Hâldt dy beide kij apart, en sjuch dan ris wer!

PAKE: (sarkastisk) Ja, doe wist it.

YFKE: Jimme hiene it tominsen prebearje kinnen. Jarich hat it altyd al sein.

PAKE: (kâld) Do't ik jong wier, siet de wysheit by de âlderein, nou 't ik âld bin, sit de wysheit by de jongerein.

JARICH: Ja, sa sjit men der by troch.

PAKE: Hâldt dyn greate mûle. Hwêr hastou jisterjoune west?

JARICH: (kjel) Ikke ?

PAKE: Ja, ikke! Hwat boerejonge kriget it yn'e plasse, en gean nei in byienkomst fan arbeiders, hwer't sa'n opruijer de minsken de koppen glebn praet?

JARICH: (mear nei foaren) Ja, dêr bin ik west, - en - ik bin bliid, dat ik der west bin!

PAKE: (heftich) Tomar! Mienste, dat it my noflik is, as de oare boeren my gnyskjend freegje..... Hat it jo pakesizzer jisterjoune goed foldien, Jarich Ritskes?

BEPPE: Nou gjin rûzje. Hy komt er net wer nou jonge?

JARICH: Ik bin gjin bern mear! Ik mei dochs sels witte, hwer't ik gean sil?

PAKE: Tomar! Jimme heit.....

JARICH: Lit de deaden rêste, pake! Dy kinne har net forwarre.

PAKE: Dêrom de libbenen safollestemear, wolste sizze ? En, is it wier, dat de arbeiders ôfpraet binne om takommene jier net wer nei melken it lân út?

JARICH: Ja, en gelyk ha se!

PAKE: Foai, jonge, it wurk moat dochs dien!

JARICH: Dat komt der like goed om dien. By Tsjeard nijboer, ha se it fan'e simmer ek noait dien; en wier dy nou letter mei it wurk as in oar?

PAKE: Da's ek sa'n nijljochter.

JARICH: Is toalve ûren deis, en Sneins noch viif der oer hinnet ge-noch? Nim nou Sjouke; moarns fjouwer ûre slacht er hjir op'e ruten. By tsjuster giet er nei hûs. Syn bern sjucht er oars net as yn harren sliep en Sneins.

PAKE: 't Wier better as Sjouke Sneins hwat faker yn tsjerke kaem!

JARICH: Sneintomoarns mist Sjouke nea út tsjerke. Mei hy dan net in pear ûre yn't formidden fan syn bern wêze? Harren lûd heart hy oars net as Sneins!
En syn lean? Fjouwer hurde gounen. Dêr arbeidet hy dan tachtich ûren foar!

PAKE: Dou hast goed harke. Mar dyn rekken komt net út. Sjouke hat hjir ek de folle kost. As wy slachtsje dan ite se by him thúsmê!

JARICH: (spotsk) Kop en pânse!

PAKE: (slacht mei de fûst op'e tafel) Nou is't út!

JARICH: (sykhellet djip) Ja, pake, en forgoed âk. Ik sil it nou foart ek mar sizze. Moarn gean ik foart.

BEPPE: (kjel) Jonge!!

PAKE: (iiskâld) Soa..... giestou foart. Is dat de tank, dat wy jim as bern opnommen ha?

JARICH: Dy tank haw ik werom joun yn myn wurk. Hwat jimme foar my dien ha, dat ha'k mei myn hannen ôfbitelle.

PAKE: En de skulden?

JARICH: Skulden??

PAKE: Ja, skulden, Skulden, neilitten fan dyn âlden.

JARICH: Ek dy, hoopje ik ienkear ôf to dwaen.

PAKE: En hwat woestou dan? Ek foart to sprekken, lyk as dy opruijer fan jisterjoune?

JARICH: As ik it koe, ja. Dan net foar arbeiders, mar foar boeren. En harren soe ik taroppe: "Slach de hannen ynien! Forarbeidzje jimme mólke op ien plak; forkeapje jimme producten ûnder ien merk. Dan hoeft gjin molkefabrikant of búterkeapman riker to wurden fan jim arbeidzjen.

PAKE: (húnsk) Wrichtich, dou hast talint!

BEPPE: Mar, jonge, Astou foart wolste; hwér slist dan hinne? En hwat moatte wy dan begjinne?

JARICH: Jimme? Yn't foarste plak goed for Yf wêze. En hwer 't ik hinne gean? Dy't in pear goede hannen oan't liif hat; dy redt him altyd wol.

BEPPE: Kinst dan wier net bliuwe?

JARICH: Nou net mear, beppe. Yn Harns fyn ik wol in boat, dy my brûke kin.

BEPPE: Dos, dou wolst op sé?

PAKE: De soan fan in fiskersdochter!

JARICH: Krekt! De soan fan in fiskersdochter, dy lûkt it skomjende wiid. Mar net sûnder hwat efter to litten. Hwant ho near de tiid foar de boer ek wêze mei, dochs daget it. Graech hie 'k it folle deiljocht mei opwachtte. As lykwols alle Fryske boeren wiene as Pake, dan soe it nacht bliuwe. Neare, neare nacht! Mar lokkich binne der oaren. Sjuch nei de Weargeaster boeren, dy't foar tsien jier al meimekoar begounen. Binne der om Ljouwert hinne al net boeren, dy't meimekoarren it féfoer yn-keapje, en ûndersykje litte, sadat harren gjin rommel yn 'e hannen triuwn wurdt? Né, beppe, skodholje mar net. Net om jimme sil de wrâld him bekreune, dy rint oer jimme hinne. Dy stream is net to kearen, moat ek net keart wurde! Wol yn goede banen laedt! Koöperaesje - meimekoar ien, dat is de remeedzje om er wer boppe op te kommen! Fryslân wurdt wêkker! Meimekoarren nei better tiden, boer en arbeider. EN DY TIID SIL KOMME; HWANT IT DAGET YN FRYSLÂN !!!

(Dit lêste moat mei fjûr útsprutsen wurde. Pake sjucht stiif foardel. Beppe sjucht fan de iene op 'e oare; hwat senuweftich. Yfke spint net mear, hinget Jarich as't ware oan 'e lippen).

GERDYN.

R E P E T Y S J E .

Toniel: in seal, tafeltsjes, stoellen, reklamebiljetten oan 'e mûrre.

Persoanen: Jarich, de foarsitter. Feinten-fammen. Letter Alde Jarich de hospes.

As it gerdyn opgiet wurdt it wolkomslied songen.

JARICH: Sjesa, dat sit der glêd yn. Ik soe sizze: wy ha de kofje fortsjinne. Bûts mar ris op 'e doar Feike, dan wit de hospes wol, ho let it is.

FEIKE: (Bûts tige op 'e doar).

DE OAREN: (sykje petearjende wei elts in sit. Fammen meast oan de lofterkant).

HOSPES: (komt mei in blêd fol kofje).

FEIKE: Dat is noch ris bûtsjinning!

HOSPES: Service, hearen, service! (set roun).

JARICH: Ûs hospes hat by de Kanadeezen yn 'e lear west!

HOSPES: Ik haw hjir op 't heden in gast, dy't gauris in Ingelâsk wurdt brûkt, dat hinget oan moat jy rekkenje. (as de koppen to plak binne) 't Is in âld Ynjesman. Hea, ja, foarsitter; hy seit dat er ek in âld Himmelommer is, en dat er yn 't skoft graech efkes joun sizze wol.

JARICH: Om my mei alle leafde. (ek immen op tsjin ? (tsjin de oaren)).

DE OAREN: (drinkende wei) Wolné, dat moat altyd wêze! Dan kinne wij dy ek ris sjen. ensf.

HOSPES: Ik sil it trochjaen. (spanning ûnder de oaren).

ALDE JARICH: (nou 70 jier: kreaaze skjinne âlde hear - griis hier; snor en puntburd. Allinne oan a noas kin men sjen, dat er it libben wol meinommen hat. Fleurich úterlik. Makket in bûging. Joun, dames en hearen!

DE OAREN: Joun minhear.

ALDE JARICH: Siz ik dat goed foarsitter, of moast iksein ha -frouljue en manljue - ?

JARICH: Nou - til dat jonge guod mar net oer it hynsder - (giet op him ta, hân). Jarich, de foarsitter; en dat is ús rounte - myn meiwurkersters en wurkers.

ALDE JARICH: Tankje. Myn kompliment; foaral oan dy helte ! (wyst op 'e fammen, dy 't gichelje). Jimme woene myn namme ek wol witte, tink? Mar hwa't is the name ? Ik haww mei nocht nei jim sjongen heard. As men yn gjin fyftich jier op heitelânske groun west hat, dan mient men yn 'e fremte, dat yen neat mear bynt. Mar sjocht men de bikende flagge; heart men de âlde lûden wer, dan wurdt der dochs hwat yn yen wekker, dat net ûnder wurden to bringen is. Is der net in Fryske sang fan: "It bloed, dat krûpt nei Fryslân ta ?

JARICH: Dat is der...

ALDE JARICH: Dêrom rekke my sa jim sjongen.
 JARICH: Mar it lêste liet dat wij songen, dat wierne wol Fryske wurden, mar in fremde wize.
 ALDE JARICH: Binne de âlde Fryske sangen, hast not allegoarre op útlânske wizen?
 JARICH: De âlde sangen wol. Sels ús Folksliet is op de wize fan it Saksyske Folksliet. Mar der komme moar en moar nije Fryske sangen. Fryslân hat op't heden goede komponisten, dêr't follo fam to forwachtsjen falt.
 Mar ik soo sizze, stryk yn 'o rigol, en drink in kop kofje mei ús.
 ALDE JARICH: Mei ik dan midden yn 'o blommen delfalle? (wiist op 'o fammon)
 Mei dat fammon?
 FAMMEN: Jawol hear!
 ALDE JARICH: Ik bin in âld sôman, tink der mar om!
 JANKE: Wy binne noarne bang foar!
 ALDE JARICH: (giet sitten, strykt de snor op).
 Wol jimme wol loauwe fammon, da 'k my nou suver werkjong fiol, tusken jimme? Suver as in bij tusken de blommen!
 WYPKE: Mar not hûning sûge âld baes!
 ALDE JARICH: Dat lit ik nei de repetysje oan jimme oer!
 Mar foarsitter, wat sil der einliks opfierd wurde?
 JARICH: Ús Himmelommer fe'riek hat earstdeis 50 jier bistien, en nou wolle wy as loden en hûsgenoaten in fleurige joun moetsje fan dy betinkdei.
 ALDE JARICH: Wol, wol, 50 jier! Da's in hiel skoft.-- En honnoar sil dat wêze?
 JARICH: Op
 ALDE JARICH: Dat rint dan ok al hurd oan.--Des jimme kinne it rûchste al tink? -
 JARICH: De stikken en brokken hawwe wy al ûnder de knibbel, mar wy ha noch net in forbinende tekst!
 JANKE: (ûndogensk) Krokt wat foar minhear!
 ALDE JARICH: Soost my ofkes op 'o kreade sette fanke, hò? As ik dat nou ris oannaom?!
 DE OAREN: Dat wier wat! Sjonge, jonge, onsf.
 JANKE: Dat sil ok wat moais wurde!
 JARICH: Is dat tinken minhear?
 ALDE JARICH: As wy foarhinne oan board in dolle joun hawwe soene, dan draaide dat moastal ok foar my op. Mar ik moat help ha, hwant ik bin hjir fremd.
 JARICH: Dan bin wy út 'o brân, minsken!
 DE OAREN: Hoera foar de sôman!!
 ALDE JARICH: (winkt mei de hân) Hou-riis, -- hwa helpt my?

FEIKE: Ik tocht fan Janke.

DE OAREN: Ja, dat moat wêze ! Hoëra ! (hantsjeklappen)

JANKE: (fjûread lilke) Bin jim net wiis. Ik mei sa'n âld kearel...

ALDE JARICH: Mar tige jong fan herten....

JANKE: Ik doch it net !

SJOUKE: Dan ús foarsitter. (tastemming fan de oaren).

ALDE JARICH: Giet it oan foarsitter ?

JARICH: Janke en Jo wierne oars in moai spantsje.

JANKE: Och, forhip jimme--

ALDE JARICH: Sa wurde nou ús goede bidoelingen forspuit.

JANKE: (wol op fleane)

JARICH: Stil nou mar, ik nim it oan !

ALDE JARICH: En lit my nou jim wurklist ris sjen.

JARICH: (pompiert út 'e bûse) Asjebleaf !

ALDE JARICH: (sjocht it troch) Der stiet hiel kwat op. Iepenjen mei ús Gaesterlanske folksliet.

Dan dat earst mar soe 'k sizze:

ALLEGEARRE OEREIN. SJONGE:

(TUSKENGEDYND TA)

+++++

FOAR IT TUSKENGEDYND

ALDE JARICH (gongelstok) en JARICH fan siden op.

JARICH: Nou ha wy al op ús nommen om de forbinende tekst to meitsjen; mar nou it begjinnen.

ALDE JARICH: Dan komt it ein fansels woest sizze; Wy begjinne fansels by it begjin; by it oprjuchtsjen fan it febyrk. Mar earst hwat oars, dêr 't ik net oer prate woe, do 't al dy oaren der by wierne . Binnem jo in soan fan Jelmer en Yfke ?

JARICH: Ja, en binne jo faeks omke Jarich, de sêman ?

ALDE JARICH: Goed sjoen, jonge, goed sjoen. Dus famylje-De hân dêrop ! (fuskje). Hoe hiest dat sa gau yn 't snotsje jonge ?

JARICH: Oar jou noas !

ALDE JARICH: Myn noas ? In famyljelikenisse woest sizze ?

JARICH: Dat nou just net - mem fortelde, dat omke JARICH, wier in bêste kearel, as der mar gjin whisky...

ALDE JARICH: Hei, hwat ! Dy ha 'k sels bitelle !

JARICH: Biwearje ik ek net !

ALDE JARICH: Dos jim mem prate noch wol ris oer my ? Ik ha har oars in skandelik bytsje opsocht. Yn 't earstoan kaem ik noch wol ris oerwaeijen, as it skip yn Amsterdam lei, mar swietsjeswei slite dat ôf.

JARICH: Oare lûkplasters fansels --.

G A S ' T L A E N S K F O L K S L I E T .

1. Myn Ga'stlaen mei dyn bemmen,
Dou haedst myn futten tsin,
Dou wytst myn gong to stremmen
For 'k dy forlitte kin!
Min kin gjin laen bironne,
Dêr't bemt nei dines roait;
De werskyn fan'e sonne,
Sê moai oer't wetter loait!
-
2. Hib bin gin grutte stêdden,
Mei turren wakker heech;
In sê fan griene blêdden,
Formakket hir yens eech!
Hir wenje tseppe minsken,
Mar tige ruocht en slucht;
Elk het it nei syn winsken,
En nimmen jeit noch flucht.
-
3. Allyk yn tûzen noeden,
Mem hâldt oer boi de wacht,
In, om't for kwea to hoeden
Om't barn har ermen slacht;
Slaen Ga'staens skaedge waden,
Har ermen om ús lê,
In wite ús fêst to hâlden,
In hoaije en troaije ús sê!
-
4. Hett' me yk om utens siket,
Min fynt fâek neat as lêst;
't Is net sa moai as't liket,
Mar hir is frede en rêst!
Mijn Ga'stlaen, mei dyn beammen
Hett bist' dochs ynlik moai!
Dou wytst myn langst to stremmen,
Dou hest to wraed gin roai!

Jan fan'e Gæstmar.

ALDE JARICH: Nou - forfele dien wy ús net as it skip yn in fremde haven lei.

JARICH: (droech) En altyd as manljue ûndermekoar, fansels !

ALDE JARICH: A-poe ! -Né- as wy yn Hamburg oankaemen , stie Gretschen al op 'e kaei. Yn Beunes Aires wier it Josepha, yn Londen Kitty, yn Cherbourg...

JARICH: Ik hear it al: in iedere stad, een andere skat !

ALDE JARICH: Krekt - mar'e - nou neat forkeards tinke Jarich - altyd hear bleaun, hear; altyd hear bleaun ! (krop sette)

JARICHZ It hat mem wol spiten, dat Omke nea mear kaem.

ALDE JARICH: Noait tiid, jonge, noait tiid ! En och, it wier jim mem, myn suster, mar oars boun my hjir ek neat- In pear dagen, en dan barnde de groun my alwer ûnder de fuotten. Ik moast it dônsjen- de tek ûnder my ha. As de stoarmwyn de seën oer it tek jage; dan stie ik boppe yn 'e stjûrhutte to floitsjen, dan libbe ik ! Op it lân ? A poe ! neat foar my !

JARICH: Elk syn meuch -

ALDE JARICH: En do 't ik krekt myn pensioen to pakken hie; wier ik fan doel om noch ris wer nei it âlde Gaesterlân to reizgjen, om dan in kar to dwaen, hwêr 't ik Meagere Hein opwachtsje soe, dêrre of yn 'e East; do 't de kriich útbriek. Sa moast ik wol yn 'e East bliuwe. Rare tiid, jonge ! De Jappen koene my lokkich net mear brûke. En as der repatriaesje net kommen wier; dan hie 'k my dêr stil del joun, en in skaedich plakje útsocht foar myn lêste wenplak. En nou bin 'k hjir dochs noch kommen.

JARICH: Dos net, lyk as Tjibbe Gearts song: Mar jimmer bid ik stjerrend yette: Jow myn in grêf yn Fryske groun !

ALDE JARICH: A, poe! Né hear, Hwat joech it Heitelân my, do 't ik foart gong ? Dat wier doe ek in earmoedsoadtsje- Fryslân siet yn 'e pûge, swier ek ! It gemaek min ! Somlike boeren noch djip yn 'e skulden, as erfskip út 'egouden jierren, dy't foarôf giene wierne. Wy learden op frage, earen al fan de saun fette en saun meagere ky fan Pharao, mar do 't ik foart gong, do wier krekt de lêste fette kou opfretten -

JARICH: Nou, nou !

ALDE JARICH: Ja, ik siz it faechs wat stoef, mar sa makket it sémans libben jin- Om koart to gean - do 't ik foart gong wierne hjir en dêr al inkelde febryken - meast spekelatieve- Ja, stil ris, (klauwt him efter it ear) - it is fansels al sa lang lyn - mar, da's ek sa - der gongen hjir yn Gaesterlân ek al stimmen op, om in Koöpperraesje to stiftsjen - Jonge, dan is dy in Himmelom to lanne kommen-.

JARICH: Dy bûstied earstdeis 50 jier !

ALDE JARICH: Sa binnen wy dan samar op ús sjampiter to lanne komme. Sjochts wol, dat it suver gjin kunst is om in forbinnende tekst to meitsjen ? Nou ha wy it bigjin samar-

JARICH: Der moast mear komme; wy binne sa mar net op it ein !

ALDE JARICH: A. pe ! Dat giet ús ôf as kâltwetter.

JARICH: Séwetter tink !

ALDE JARICH: Net lekskoaye, heite; dan komst net un 't testamint.

JARICH: Da's uzer ek ! Ik ha nou in sûkeromke !

ALDE JARICH: Nou - nou ! - Sûkeromke - sêljue - jonge - troch dat skommel-
jen fan it skip, rûgelt der gauris hwat út 'e bûse - Né- gjin
sûkeromke - op syn heechtst in zoetstofomke !

JARICH: Dos wy bigjinne by it oprjuchtsjen fan it febryk!

ALDE JARICH: Dou soest foart wol mei it feest bigjinne wolle. Né, jonge -
earst de striid - dan de oerwinning - en dan feest !

JARICH: Nou, Himmelom hat wol reden om feest to fieren - Hwant har
libbenspaed roun altyd net oer roazen . Mar wy bigjine by it
bigjin- As de boer de molke by de hamaeije set ! -

(Beide fan siden ôf)

+++++

BIJ DE HAMAEIJE.

3e B I E L D.

Eftergroun in pleats. Foaroan stek mei hikke. Lofts foar oan
in âlde kroade m. Tiid 1897.

Persoanen:	SEAKLE:	boer 50 jier konservatief type.
	PITER	} jonge boeren, sa'n 30 jier.
	KNILLES	
	KARST:	
		de molkrider.

J O U N T I I D.

SEAKLE: (hinget oer de hameije, slopke oan. Drilbroek, kile, smoarge melkers-
pet op)

KARST: (fan lofts, mei tw tritiger bossen, yn eltse hân ien. Tige rostich
en fol bûden. Alderwetske mei 3 of 4 hoepen-

SEAKLE: Kom, al werom Karst ?

KARST: (koart) Ja, ik bin al wer in pear boeren kwyd. It riden is gau de
mucite net mear wurdich !

SEAKLE: Hwat jij sizze ! Hwa dat nou wer ?

KARST: Pier Doekes en Jan Eits - Ik ha Doedes Breuning der fan 'e moarn
wol hinne gean sjoen. Dat is sa'n wrotter. En jouns kaem de faem
mei in briefke, yn 't plak fan 'e molke. Hwat wier de directeur ra-
zend man !

SEAKLE: Se binne net wiis- Om yen sa to binen ! Nou, do hoefst foar my net
bang to wêzen;; ik wol frij man bliuwe !

KARST: Krekt ! Dan kin jo hwat mear bûden yn 'e bossen slaen ! Se hat er
op ûntfang alle dagen oer, dat er al mar djipper bûden yn jou bos-
sen komme !

SEAKLE: (skerp) Dy krije se fan it op 'e wein smiten !

KARST: (lilk) Né, Seakleboer, dy slagge jo der yn, dan miette se better !

SEAKLE: (lilk) Hwa seit dat !

KARST: (wynt him op) Ik ! Nou koe ik de skuld wol ha, hé ?
Mar ik wol gjin dief hjitte foar--

SEAKLE: Heite !!

KARST: Ik kin de smoarge boadskippen berbringe. Mar it is de lêste kear, ha 'k tsjin 'e ûntfanger sein. Dan gean se fan Nijega sels mar nei jo ta, Se hoege my ek net wer to freegjen; Spâelt Seakleboer de amers soms hwat ryklik om, Karst ??

SEAKLE: Wol stom; wy wieren ôfpreat ik mocht de amers mei in mingelen wetter omspiele.

KARST: Dat sil wol in hânfet fol west ha.

SEAKLE: Wol fordraeid !

KARST: Ja wol, fordraeid, en ik fordraie it langer sa. Dan bringe jo de molke sels mar hinne. (likk ôf)

SEAKLE: (kloppet de piip út) Hui ! Bytsje oppasse....

PITER: (fan oare kant, yn oerstrûpers mouwen, houten piip-)Joun buorman.

SEAKLE: Joun !

PITER: Jimme rôpen mar lûd.

SEAKLE: Dy fint ek mei syn snotrige praetsjes. As it sa moat..

PITER: (glimket) Dan sette jo de mâlke fansels op 'e wein fan de Koöperaesje.

SEAKLE: Sa âld wurdt ik net .

PITER: En dut wier ek net goed !

SEAKLE: Né, mar it oare is noch folle biroerder.

KNILLES:(segaer oan; helder) Ek joun !

~~PITER~~: Ek joun !

SEAKLE: (stroef) Joun . Kom de greate segaer mar oan !

KNILLES:En noch wol fiif foar in dûbeltsje!

SEAKLE: (Sarkastisk) Ja, dy Koöperaesje boeren giet it mar goed !

PITER: Wy ha Moandei in heale sint mear hawn- (giet op 'e kroade sitten; stopje en oanstekke).

SEAKLE: Jimme ? Wol, stom wij barden Woansdei noch itselde-

KNILLES:(hinget mei de rjochterearm op 'e hikpeal; spotsk) Seakle is philanthropp, dy makket leaver de oandielhâlders ryk !

SEAKLE: Ik wol frij bliuwe !

PITER: Hwat is frij ?

SEAKLE: As jo oan de Koöperaesje binne, dan mei dut en dan mei dat net ! Dan is men gjin boer mear-

KNILLES:Hui, hui, hwat ! Mar it giet by de Koöperaesje net allinne om de lêste heale sint.

SEAKLE: By my wol !

PITER: Dan oan 'e Koöperaesje, dy bitellet mear út !

KNILLES:Nou, jo, Seakle !

SEAKLE: Hm !

PITER: Knilles hat gelyk. It giet yn it foarste plak om de namme fan ús bûter, dy 't alhiel forknoeid is. Net allinne troch keapljue, dy 't goedkeape Russyske bûter troch de Fryske griemden, mar ek troch somlike boeren, dy 't oan 'e siden fan it fet ierpelmoal triuwden. Dan gyng de bûterboar fan de keapman der krekt by troch.

SEAKLE: Earmoede docht hwat !

KNILLES: Lit it ^{út} earmoede barre, dat kin, hwant heapen boeren sitte der slim foar. Mar dochs kin soks net. Nou kin it regear wol in kontroleur oanstelle, dy 't by de boeren lâns giet, mar wy moatte ús eigen kontroleur wêze. Goede bûter, ûnder ien merk. Lit it regear leaver soargje, dat der oars net útfierd wurde mei as earste klas spul. Dan ha wy ús namme sa mar wer. Ik sjoch it sa: As skielk alle boeren, oan 'e Koöperaesje binne...

PITER: (ynfalle) Op Seakle nei.

SEAKLE: Sa gek binne de boeren net !

PITER: Ik hearde, yn Balk en Warkom wolle se ek in febriek sette, en yn Warns en Koudum is der ek al oer praet.

KNILLES: Dêr moat it hinne - Dan skielk al dy febryken yn ien Boun, dat lieding jowt, en dat ek de produkten forkeapet. Oars bigjinne de febrieken ûnder mekoar to sloaijen, en mekoar de boeren ôf to lûzje. Dan kinne de molkprizen omheech !

SEAKLE: En de hierren.

PITER: Dy slach is jowes, Seakle. Dan moatte wy ús dêr ek tsjin organisearje. As de profiten wer yn 'e bûse fan 'e lânhearren komme, jowt it ús neat.

SEAKLE: Krek sa lang organisearje, dat de boerkerij der by ynsjit.

KNILLES: Sa fier is 't fuort net ! Earst de namme fan ús bûter omheech.

PITER: Ja- jonge mar hwat men ienkear kwyd is....

KNILLES: Folhâlde; alle boeren, net inkele !

SEAKLE: Soa; dan ha jim Moandei in heale sint mear hawn..... der moat ik de direkteur Woansdei al ris op ûnderstean.

PITER: Ik woe leaver- Oan 'e Koöperaesje man, dan krije jo him sa, nou moatte jo der om biddelje--

SEAKLE: Ik biddelje net ! Ik wol frij bliuwe, siz ik..!

KNILLES: Mar wol fan it wurk fan de Koöperaesje profetearje ! Witte jo wol, bûrman dat der forline jier yn Nijgea in winst makke is fan in smoarge lytse heale ton ! Dat ha se út jimme molke helle.

SEAKLE: Hwer is jimme heale ton ?

KNILLES: Dy ha wy meimekoarren bard.

SEAKLE: Dam smookst dêr nou segaren fan, tink.

KNILLES: Krekt ! Né, bûrman, dat forskil merkt men net. Mar de taktiek fan de hearen is dêrre: as de molke op 't heechst is, hwat efter oan komme, en as der yn 'e winter net folle molke is, dan lizze se der hwat op-.

PITER: (Oerein) Da's taktyk, bûrman. Kom man, stean net tsjin jou sels; kom mei yn 'e rige- Meimekoarren kinnen wy sterk wêze, allinne- stik foar stik- binne wy as boer oerlevere oan de keapljue en de fabrikanten.

SEAKLE: Der moatte ek oare fabrikanten wêze as Koöperaesjes, oars is der gjin konkerinsje.

KNILLES: It forwar - mar dan ek o, sa'n swak forwar - fan de spekulatieve-fabriken. Mar der binne altyd boeren dy 't er yn happe !

SEAKLE: Ik wol my net yn 'e skuld jaen, lyk as jimme. Ik ha gjin risiko. jim wol !

PITER: Dat nimme wy graech op ús. Mar it bigjin 't jounich to wurden? giest mei Knilles ? (Undogensk) Bûrman wurdt joun dochs noch net lid tink ?

SEAKLE: (mei klam) Sa âld wurd ik net !

ooooooooooooooooTUKEM GERDYN TAoooooooooooooooo

+++++

3e B I E L D

BY DE HAMEIJE. (Tusken gerdyn wer ta.)

ALDE JARICH: Dy wier taei, hear !

JARICH: En Seakle is ek nea lid fan it febryk wurden !

ALDE JARICH: 't Wier dochs in hiel weachstik. Hulde oan sokke kearels, hwant kearels binne it, dy 't tsjin alle oppesysje en tsjinwurking yn, dochs trochsette !

JARICH: Krekt omke ! Der mochten de jonge boeren, en foaral ús takomstige boeren wol ris hwat mear nei sjen. Dy nimme it as hiel gewoan oan, dat der in Koöperaasje foar har rê stiet. Dy witte net hofolle der oan foarôf gongen is, alear de skoarstien fan dat febryk rikke. En Krekt omdat it harren sa maklik yn 'e skurte smiten wurdt, dêrom strane se faek sa lauw tsjinoer de Koöperaasje.

ALDE JARICH: Krekt, jonge. It moat net fansels gean. Dat wier ek al sa, as wy in havenstêd ris fochten om in faem ! Mar é a-poe ! alle likenissen geane in bytsje mank, en mines tige kreupel-dos fierder !-

JARICH: Nou - dan - it febryk kaem der. De greutste stipe derta hat west de foarsitter Doedes Breuning- Hy hie in bêste skoarre yn 'e rech van minhear van Swinderen, dy 't er ek tige foar wie, en de ponge fiks iepen die-.

ALDE JARICH: Ha jo noch hwat oan-; de measte greate omes wolle de ear wol ha, mar litte in oar der foar op draaije.

JARICH: Sa wier ús minhear - lyk as de Gaesterlanners himme eartiids altyd neamden - net. Yndied; sa'n stipe, dêr hie men hwat oan

ALDE JARICH: Mar fierder, Jarich, jonge. Wy binne altyd noch mei ús forbinende tekst oan 'e gong.

JARICH: Nou dan,- Der wierne gûns, dy woene it febriek yn Balk ha, dan koene alle Gaesterlânske boeren der oan, fan Warns oan't Sleat ta. Mar 't is op Himmelom útdraeid. It febriek stiet nou op 'e bargepôle fan Hindrik Bremer.
Bigoun mei boeren, dy't Kilo mólke leveren, hat it febriek nou boeren, dy't foar de oarloch Kilo leveren.-
Der koene wol mear by, mar der wenje noch inkeld Seakles yn'e omkriten.

ALDE JARICH: Mar dochs moai útdyt!

JARICH: Tajown,- mar net sûnder striid en swierigheden-. Hei hat ek lange jierron yn't bistjûr sitten, oan syn dea ta.-
It wier in diel fan syn libben.

ALDE JARICH: Mar dat sjugge de boeren ek to min. Ik ha dêr net folle forstân fan, mar neffens myn bitinken is it febriek in fuart-setting fan 'e boerkerij, op in oar plak, en dan net pleats foar pleats, mar mienskiplik meimekoar!

JARICH: As se skielk in propagandist oan it febriek ha wolle, sil ik Omke foardrage!

ALDE JARICH: A - poe! dan faer ik ljeaver!
Mar fierder jonge, de tekst is noch net klear!

JARICH: Nou dan - Yn't earstoan wier 't gauris yn 'e war mei de direkteturen - mar al gau kaem men op 'e gleeed. Der barden ek wol ris kostlike dingen oan 'e febriek. Sa rekke de waeipomp ris forstoppe. Ho't men ek prebearre, it ding woe mar net. De molkriders stâenne allegearre te foeterjen.
Do naem de waeitapper in kordaet bislút. Hy smiet it baitsje út, dûkte yn 'e waeitonne, en klear wier de boel.

ALDE JARICH: Sokken moasten wy oan board hawn ha!

JARICH: Ek mat der ris in masjenist west ha, dy't altyd moarns ier yn tiids kaem om de tsjettel op to stoken.
Op in moarntiid wier syn wekker stean bliuwn; do't er healwei wier, seach er al ljocht yn it febriek.
En hwat tochten jy dat dy man do dje?

ALDE JARICH: Hy skopte fansels de klompen út, en draefde nei syn wurk!

JARICH: Krekt oars om! Hy roan earst nei hûs; keilde de wekker troch de ruten, en gong do nei syn wurk.

ALDE JARICH: Sokken mei 'k sjoch.- Sa moast it febriek wol ta bloei komme! Sille wy de boel ris troch it gat gnûve?

JARICH: AKKOARD !

(beide ôf).

4e BIELD: "SUVELBIWURKERS."

PERSOANEN: 1. Direkteur, 2. Molkûntfanger, 3. Kontroleur, 4. Sintrefugist, 5. Bûtermakker, 6. Tsiismakker, 7. Waeitapper, 8. Masjenist.

Allegearre yn wurkklean; as't kin in inkeld attribút yn'e hân, b.g. Kontroleur fleske en leppeltsje, ensf.

DIREKTEUR: Hjir stean ik mei myn helpers,
Bin se net kreas yn't habyt?
Foarhinne wier 't drillbroek en kile
Nou rinne se tsjep yn it wyt.

MOLKÛNTFANGER: Komme de weinen mei molke,
De biskule haw ik al klear.

KONTROLEUR: Myn fleskebak stiet al to wachtsjen,
Ik mûnsterje de molke; eltse kear.

MOLKÛNTFANGER: Dan gau de bossen leegje,
Goed weage, oars komt er mot.

KONTROLEUR: Sekuer de fetpersinten ôflêze,
Dy fine streepkes, dat is in lot

MEIMEKOAR: (eltse kear it refrein sjonge)
Soks, det fynt men yn Himmelom,
Mar dan ek nearne oars.
Reisgje de wrâld mar yn't roun.
Hast nearne wurdt soks sa foun.
As yn Himmelom, yn Himmelom.

SINTREFUGIST: Ut'e bakken wei, streamt my de molke ta,
Dan lit ik de sintrefusje draeije,
Hwant reamme en dreage flut is twa.

BÛTERMAKKER: De roamme is foar my,
'k meitsje bûter fan gouden klour,
De smaek dy kin net better,
't Is dan ek altyd earste keur.

REFREIN.

TSIISMAKKER: Dou makkest allinne mar ien soarte,
Ho folle slimmer is 't meitsjen fan tsiis.
't Nypt allegearre like folle,
Fan't prebearjen wurdt men suver griis.
Dan is't Breatsiis, dan Edammer,
Soms fjirtich plus, dan wer folfet.
Mar greatsk bin 'k op myn tsiizen,
Hwent better as fan Himmelom bin der net.

REFREIN:

WAEITAPPER: Bin de bossen leech, en útdript,
'k stean al mei de slange klear.
Al brûzet de waei ta de bossen út,
Jimmer wolle de boeren mear.
Sûpe, dat giet by 't minglen,
Minsken, dat stekt da nauw,
En giet it net helder op,
Dan ha de riders it grau.

WAEITAPPER:

Alle dagen yn waer en wyn,
Under grappen en flinken,
Folje ik jimmeroan bossen
Mei kostlik kealledrinken.

REFREIN:

MASJENIST: Ik bin de swarte Piter,
Tusken al dat wite spul,
Mar ho't moast sûnder my,
Dêrfan ha se gjin flau benul.

2. Hwent stookte de masjenist,
Sa fûl net as er kin.
Dan waerden baskule,
en liedingen net skjin.

3. Dan sûrre net de reamme
De tsiizen waerden wrak
Alles soe forsmoargje,
Neat krige syn gerak.

4. Hofolle is der foroare,
Hast alles rint op elektryk,
Mar sûnder de masjenist,
Draeide net it febriek.

REFREIN:

DIREKTEUR:

Goed wurk -- sûnder dizze warb're helpers,
Wier 'k grif net ta yn steat,
To min kaem er yn't pûdtsje,
Al myn skreppen joech my neat.

Iendrachtich -- en man foar man -
Folbringe wy d'opleine taek.
For bloei fan de Koöperaesje,
De boeren har eigen saek!

REFREIN:

(der moat prebearre wurde dat de seal it meisjongt).

GERDYN TA

(tuskengerdyn ta).

ALDE JARICH: Yn oarder, Jarich, yn oarder, jonge!

JARICH: Nou dan!

ALDE JARICH: Sok wurk heart weardearre!

JARICH: Dat wurdt it ek! Hwant as in arbeider 65 jier wurdt, dan stjurt men him net mei in bātankje de hikke út, en wurdt er oan 'e earmfâlden oarlitten, mar dan kriget er pensjoen. Easket de dea him earder op; ek dan kriget syn frou in pensjoentsje.

ALDE JARICH: Dat moasten se Seakle dêr ris by de hameije forteld ha! Of Pake! A-poe! De âld man soe wol sein ha, dat de wrald nei syn ein roan! Sjonge, - jonge, -- mei pensjoen - . En - hwat dogge de boeren foar harsels?

JARICH: De measten litte alle wiken hwat oan't febriek stean, fan harren molkjild, en forsoargje sa de âlde dei en de hûshâlding.

ALDE JARICH: Mar hwerom allegearre noch net?

JARICH: Och, de iene om dit en de oare om dat! Somliken: miene der sels better oppasse to kinnen, en it net nedich binne.

ALDE JARICH: Dat kin harren noch wol ris ôffalle.

JARICH: Sjuch, omke, Elts moat op lêst syn eigen dingen witte, mar ek hjiryn moasten de boeren noch hwat mear mienskipsin ha. De preemje foar de âlde dei, moat it fêste lêst wurde op elts bidriuw. Dan sil de kostpriis fan it product der neffens stelt wurde. Mar'e -- hwer sjucht omke sa nei?

ALDE JARICH: (hat tige fan siden dikere) Krekt, of't ik dy man erader sjoen ha!

JARICH: Dy 't der foar syn hûs stiet te hageknippen?

ALDE JARICH: KREKT!

JARICH: Dat kin, - Rein hat ek op sé fearn.

ALDE JARICH: Mar, - dan is it nimmen oars as de "ûtfiner"!

JARICH: Wy kinne him oars net as Rein - séman.

ALDE JARICH: Dat komt út, - jawis, - Rein, wier syn gewoane namme. Wy koene him oars netas de "ûtfiner"! Hy siet altyd to fykjen en to nyfeljen. De gekste dingen griemd'er yn mekoar.

JARICH: Da's noch sa, Hy hat yn syn keamer in oargel stean; dat wurdt elektrysk oanset en dat kin sjonge!

ALDE JARICH: Krekt hwat foar him. Mar dêr moatte wy hinne, Jarich, - der moatte wy hinne; kom mei. (hurd ôf)
(Jarich folget réstich).

TONIEL; in koamer. Rjuchts efteroan, skeef oer in gerdyn. Dêrefter it oargel. Yn'e foarkant fjouwer gatten, dêr't hollen troch kinne.

MEIDOGGERS: 4 fammen, twa sopranen, twa alten, en twa Indyske famkes, sopraen en alt.

Lofts foaroan in tafel, lofts sit âlde Jarich, rjuchts Jarich, efteroan Rein. (type âld sômetroas)
Elts in kop kofje foar har.

ALDE JARICH: (set syn leech kopke foars del). Dos, dou hast dyn anker yn Gaosterlân útsmiten.

REIN: Ja - Oost-West, thûs is't noch it bêst! Hwat pensjoen, in spaarpotsjo.

ALDE JARICH: In Spaarpotsjo, seit er!

REIN: Jawis, -- mar jim ha jim gaesjo altyd forsopen!

ALDE JARICH: Hui, hui hwat. Nou ja, - wy spiolden de sâlto smack wol ris efter de kâzzzen wei, mar sûpe, nó hoar!
Altyd hoar, Rein. Altyd hoar!

REIN: Ja, jim wierno moaije hoaren, as jimme oan lân wierno.

ALDE JARICH: Dou bist jeloersk, âlde!

REIN: Alhiel net; mar nou kin 'k my rêdde; myn eigen iton hwat bouwe, och dan rêd ik my bêst. Dan ha 'k noch moai tiid foar myn nifolwurk.

ALDE JARICH: Jarich fortelde, dou hiest in oargel makko, dat sjongo koo.

REIN: Ja, dêr ha 'k viif jier oer skript.

ALDE JARICH: (oerein) Dat wol 'k sjon --

REIN: (ok oerein, giot nei efteren, en skout it gerdyn fan siden. Beido Jarichs biwûnderje it oargel. - A.J. wol der efter sjon, (koart him) Not er efter sjon; dat is't geheim. -

ALDE JARICH: Dou silst ús wol forlakke, âlde smis!

REIN: Noat gjin forlakkery. Sjoch, hjir oan 'e side sitte glouven, mei de namme der boppe, en dernoist de knoppen foar de lieten. Ik haw it sa makko, dat foar olts lân it eigenjild brûkt wurde moat. As jy nou in Doonsk liet ha wolle, dan smite jy in Doonsk jildstik yn, en druk dy knop yn; wolle jimme in Dútsk liet, dan moat er in mark yn; foar in Ingelsk in shillingh.

ALDE JARICH: Dan bist ok net goedkeap.!

REIN: Ik ha der op lûst ok viif jier oan arboido!

~~AKKE~~ JARICH: En in Frysk liet of in Nederlânsk, hwat moat dat kostje?

REIN: In kwartsjo, mar dan net sa'n sinken ding, mar in echt sulveren kwartsjo.

JARICH: Dan sizze se ok noch, dat ús lân djûr is.

ALDE JARICH: Dan earst in Frysk liet, in echt moai Frysk liet. Jarich, in kwartsjo- ik bin troch myn lytsjild hinne.

JARICH: Dat bart ok net folle. (klauwt yn it boursko) Ik haw oars not as sink!

REIN: Ik kin wol wiksoljo.
 JARICH: Nou dan, - hjir is in gouno.
 REIN: (wiksolt)
 ALDE JARICH: (nimt or in kwartsje fan) -by it oargel-
 Hwat sillo wy nimme, - Dutto? (yngooi- drukke)
 SANG. It wior op in simmerjoun.
 do fammon sjonge elts in rigol, on ek eltse koar komt der in
 holle troch it gat.
 Twadde fers -- (Men hearde gjin flinder) twastimmich.
 As't út is, hollen hworom, kloppen dorfoar.
 ALDE JARICH: (klapt yn 'e hânnon) Fijn! Hwer hast dy makkels weiskarrollo,
 Rein?
 REIN: Dat binne waeksene poppen.
 ALDE JARICH: Meitsje dat de kat wiis!
 REIN: Wior is't.
 ALDE JARICH: Lit my dan ris efter dat ding sjen.
 JARICH: Net fortrouwd, Rein! Dan kin ik better.
 ALDE JARICH: Sitte der ok Sômanssankjes op, Rein?
 REIN: Wis, wol! Goai hjir mar in kwartsje yn.
 ALDE JARICH: Jarich, in kwartsje!
 JARICH: (Lûkt mei in taci gesicht de pong.
 oorjaen -- ynsmite.
 SANG: Ik haw in sôman kinnon.
 Hollen tagelyk: twastimmich.
 ALDE JARICH: (is sitten gongen) Der bin 'k beroerd fan. Hast ek wiskey yn 'e
 hûs Rein ?
 REIN: Nêa hawn.
 JARICH: Mar jo meitsje my net wys, dat dut waeksene poppen binne.
 Dy iene rûkte mar frij hwat út 'e asem !
 REIN: En dochs is dat sa !
 JARICH: (wol ôf) Ik sil ris in pear drabbelkoeken helje.
 REIN: Gjinn omslaggen; dan komt it gerdyn ta !
 ALDE JARICH: Wy moatte hwet fleurigers ha - Jarich -
 JARICH: In kwartsje.
 (nei it oargel, útsykje - ensf. de hollen komme
 troch de gatten en roppe Méeé, éé !! Jarich stowt
 nei de rjochterkant-
 ALDE JARICH: (Oerein) Hwat nou, is der kapot, Rein ?
 REIN: (fielt oan 'e knoppen om) Ik fetsje der neat fan.
 JARICH: Ik wol - ik ha der in sint yn smiten !
 REIN: Sjuch jo nou wol, dat it ding sekuer is !

ALDE JARIG: (lilk) Dou bist ek in moayen ien. (klauwt yn it fersje bûse om)
Wacht ris, ik haw noch in âld Ynje's kwartsje. Kin dat Rein ?

REIN: Wis wol, Sjoch, dat moat hjir yn !

ALDE JARICH: (Yngoaije - fol oandacht) Tw brûne kopkes, twastimmich.
Sarina - het kind van de dessa.

ALDE JARICH: (jowt hân) Rein, jonge, dat wier moai. Hast dat allegearre
sels makke ?

REIN: Leauwst my net ?

ALDE JARICH: It is in great wûnder,

REIN: (Tsjin Jarich, dy 't by de knoppen stiet to studearjen)
Der net efter komme !

JARICH: Ik ha w it goede nummer foun, mannen ! Nou moatte jimme ris
heare !

R E V U E L I E T !

(Jarich lit it publiek it refrein mei sjonge

FOARGERDYN TA !

E I N E A R S T E D I E L.

It tuskengerdyn is iepen- Keamer - yn 't midden in tafel.
Rjochts sit Alde Jarich, lofts Jarich.

ALDE JARICH: (Smookt in segaer, sjocht stiif foar him út)

JARICH: (Nimt him sa nou en den ris op, smookt in sigaret-)
Skeelt er hwat oan omke ?

ALDE JARICH: (Skrillet). Né, en - ja ek al.

JARICH: Omke is tominsen de lêste dagen sa stil-

ALDE JARICH: Stil ? Bin ik dan oars drok ?

JARICH: Nou - drok - drok - mar ek net sa stikum.

ALDE JARICH: Sizze se wol mear !

JARICH: Oars moasten wy ris by dokter sjen-

ALDE JARICH: A, poe ! Ik gjin dokter oan myn liif ! Dat klauwt en kloppet
mar oan jin om ! Bist net wiis ! Né, ik kin dat lied fan dy twa
brune famkes mar net út 'e holle sette. Nachts yn 'e sliep hear
ik se sjongen. Dan sjuch ik wer de klapperbeammen, de dessa's,
hear ik de gamelangs- né Jarich, ik leau net, dat it hjir lang
út hâld; ik wol wer nei it altyd griene lân !
Ik haw it myn swarte húshâldster sawat ûnthjitten ! Bêst from-
miske, Jarich, wol net sa moai, mar se paste bêst op my !

JARICH: Hie se meinommen.

ALDE JARICH: A, pee ! Hwat moast ik hjir mei dat swartmirakel. 'k Haw genôch
oan my sels - Sa great is myn pensjoen ek net- Siz Jarich kinst
my ek in pear tientsjes foarsjitte ?

JARICH; Foarsjitte - op it erfskip ? (Taest nei de bûse).

ALDE JARICH: Fan 'e zoetstof omke - krekt !

JARICH: Hjirsa, omke !

ALDE JARICH: (grypt de briefkes docht dy yn 'e fesjebûse)
Moai sa jonkje- (lûkt in oar gesicht) Sjoch der skuort it my
wer troch de lea.

JARICH: Ik gong dochs ris nei dokter . Omke wurdt op lêst ek in dei âlder

ALDE JARICH: Alder - âlder ? Hwer hast it oor ! Ik kin noch wol 70 jier my.
Mar ik wit wol heb it fan komt !

JARICH: Nou dan ?

ALDE JARICH: Do 't my lesten it febryk besjoen ha, do ha 'k tofolle sûpe hawn.

JARICH: Se ha oars in Himmelom lokkere sûpe.

ALDE JARICH: (Benauwd gesicht) As de direkteur my der ek net sa op oanstâen
hie, dan hie 'k it ek net ha wollen- Ut fetsoen moast ik it wol
opdrinke - Mar in smaek ! It leit my noch dwars !

JARICH: (Droech) Ja, de Himmelommer sûpe leit lang.....

ALDE JARICH: Ik hie leaver in glêsk wiskey hawn-
Mar siz ris, Jarich, hwerom hastou noait in wiif socht ?

JARICH: Hwêrom omke net ?

ALDE JARICH: Ikke ? Hwat moat in sêman nou mei in wiif as der in eltse haven
in oaren krije kin ? Verandering van spijs doet eten !

JARICH: Ik ha de goede "spijs" net fine kinnen.

ALDE JARICH: A, pee ! Mei safolle kreaze fammen om yen hinne ?

JARICH: Da's allegearre fan dat moderne guod, omke. Forkearing is neat
foar harren. Se ha nou net in frijer, mar in "vriend"

SANG FAN HYLK EN TYTMOEI.

=====

TOGEARRE: Yn ús tiid gyng it fryen hwet oars ta as nou,
In man wier in man, en in frou wier in frou.

H: Tsjintwirdich, dan hat men, 't is wier, der wol oan,

T: In frou mei in drillbroek, is sûver gewoan.

H: Se roke sigretten, en swimme en se sjauffeure, en
ha in geweld fan kom sa.

T: Mar fryen en tútsjen, dat kinne hja net.

Det's fræslik gefaerlik, det's fles en bismet.

REFREIN:

H: Ne, Tytsje,

T: Ne, Hylkje,

Togearre : Yn ús tiid wier't sa,

De joun waerd in nacht oan fiif ûre sims ta.

H: Hwet thê,

T: In segaer,

Togearre : En hwet skinke op brea.

H: Ne, Tytsje,

T: Ne, Hylkje,

Togearre : det djo ús gjin skea.

H: Ja, froeger, sa Sneintojouns, witst noch wol Tyt!

T: Dan dûrre 't net lang, ef dan hien' wý wol byt.

H: Den gyng it op hûs yn, de kachel wier oan,

T: Hwet sieten wy beide, den smûkjes en skoan.

H: Hy hie den hwet snobgûd en hwet lodderein

T: Hwet wier 't den gesellich en noflik, sa'm Snein!

Togearre : Nou geane de feintsjes foar frouljue op'e loop,

Se gean to biljetten of nei bioskoop.

REFREIN:

H: Ja, Tytsje, yn ús tiid, do gyng it oars ta,

T: Hwet woene de feinten ús altyd graech ha!

T: Nou is't mar sa't is, mar gjin inkele faem,

Wier do yn it fryen as ús sa bikwaem.

H: En hie 'k it in inkele kear hwet bidoarn,

Den joech 'k him in dikke en krûpt 'm hwet oan

T: Nou laket men tsjin'noar en docht mar hwet grien,

Mar frye?.... tjasses! Det docht er gjin ien.

REFREIN:

H: Wy binne to âld ju, Ús tiid is foarby!

T: Wy dogge nou al lang net mear oan fryery.

H: Mar as't sa ris útkomt wy falle net ôf.

T: Wy jowe graech les oan it jongfolk fan nou.

H: De kinst fan it fryen, det kin wy noch wol,

T: Wy hâlde it noch bêst oan fiif ûre ta fol.

Togearre : Mar stank fan sigretten, dêr hâld wy net fan.

Mei in prûmke of in piip, sa'n ien is ús man.

MEINT: (Restich op; bakje mei ierpels op 'e rech) "Hwa is betsjond"

TEATS: De hiele boel is yn trewyn; ierpels en mes wurde sa mar wei.

MEINT: (kald). O, dy kaemen my niis tsjin. (Hâld hjar de ierpels foar)

TEATS: Den binne jo de tsjoender. Jow mar gau op !

MEINT: Dat giet sa mar net. Earst moat er opbringersjild komme.

TEATS: (driget) In wan bruien kinst krye!

MEINT: (Langet de ierpels oer) Hwet kin ik fortsjinje, den scil ik mei skile.

TEATS: Se binnen to goed om plaske to wurden ! (Giet sitten to skilen)

MEINT: (nimt in stoel en giet flak foar hjar sitten; kriget syn bûsmes en bigjint ek mei to skilen.) Ik hie tocht destou hurder koest, Teats.

TEATS: Nou net lekskoije, heite, den meist net mear mei.

MEINT: Oankommene hjerst, Teats, den skilo wy ús oigen ierpels.

TEATS: Ei, jonge, safier is it noch lang net. As de boer ús forhâlding fornimt, jaget er my foart.

MEINT: Den my ok. Mar det ús plannen sa mar goedkard wurde scille troch omke, der twivelje ik ek wolris oan. Mar moarn giet de hiele binde foart; as dy polderjonges earst mar ris út it gea binne, dan scil omke syn sin ek wol better wurde. Hy kin der mar net oer hinne komme, dat se dat moaije stik lân sa forgroeven ha. En Teats, wiste hwet ik omke den freegje scil ?

TEATS: (Hâld op fen skillen, sjucht him oan) Nou ?

MEINT: Freegje eft er ús de pleats oerdwaen wol.

TEATS: Us de pleats oerdwaen ?

MEINT: It freogjen is 't solde.

TEATS: Mar jonge, hwer scille wy boer fen wurde. Wy ha beide gjin jild.

MEINT: Omke moat helpe.

TEATS: Moatte, moatte; det giet sa mar net. Hy moat earst mar ris goed fine dat wy trouwe. Al scille wy den ek yn noch sân lyts krûp-yntsje wenje moatte....?

MEINT: Falt har yn 'e reden) As 't mar by my sliepe kinst !

TEATS: As 't nou net ophâldst.....

MEINT: En danTeatske.....

TEATS: Meitsje ik de forkearing út.

MEINT: Ha, ha, ha, dêrfor bist fiers to mâl mei my--- So 't ik okkerjouns fan de jongereinforgearringe thûskaem, leistou lûdop to dreamen---

TEATS: Mar net fan dy.

MEINT: En of ! Dou lústerste mar oan ien woi---

TEATS: Ik leauw der neat fan !

MEINT:skat.....seisto.....Meint, ljeave Meint....

TEATS: Ik meitsje de forkearing út.

MEINT: Den knoopje ik se wer oan ! En as wy den skielik op 'e pleats sitte...

TEATS: Yn in krûpyntsje siz ik dy.

MEINT: Goed den yn in krûpyntsje....Den scille wy jouns smûk togearre bymekear sitte, Teats !

TEATS: En den ierpels skile ?

MEINT: Ek al. Kom ik dan jouns út 'e jister yn 'e hûs, den hat myn wyfke droege sokken for my ré, de kachel bromt, en de kofje prottelt op it stoafke.

TEATS: (laket) Ha, Ha, Ha, harkris oan, ik sjuch it al !

MEINT: (Oerein) Wacht wy scille ris repetearje. (Hy docht yn menearen foar) Nou kom ik ta de doar yn, sa.... nou kom ik, hé.... Joun famke, sjesa dat ha wy wer berêdden, jit gau ris yn;--- en dan seistou....

TEATS: (Skylt troch, laket smout) Earst dy smoarge melkbroek^{út} heite !

MEINT: Dy ha 'k nou net oan; dou moast my út prate litte.

TEATS: Né mar wy dogge sa 't it komme scil.

MEINT: Nou goed den. Den scille wy nochris----Ik kom den yn, sûnder melkbroek fensels, in skjinne broek oan----en Joun, wyfke nou gau in bakje kofje. 't Wurd skrouwsk bûten.

TEATS: Goed, jonge, siz ik dan, mar earst dy smoarge moddersokken út !

MEINT: Nou ja !

TEATS: Earst dy smoarge sokken út siz ik den !

MEINT: Mar dan is nou net.

TEATS: Ofpraet, den is nou net (skylt wer)

MEINT: Nou scille wy noch ienkear. Ik kom den yn en siz: Joun, skat, dat is wer biredden. Nou gau in kopke kofje, mar earst in patsje. (pakt hjar fen efteren, en wol hjar patsje)

TEATS: (Wart ôf, laket hertlik). Né, né, den is nou net!

MEINT: As men repetearret, moat men der alle gebearten by dwaen (Pattet hjar)

TEATS: (Lit mes falle) Au, au, dêr sny ik my al.

MEINT: O, hwet in griis. (Nimt de finger) In hiele plasse der ôf, dy earme finger. (Wol him yn 'e mûle stekke.)

TEATS: Né, né, net opite.... (laket tige)

OPKOMMEN

SJERP: (Is al earder efkes opkommen) Hwet skeelt er oan ?

MEINT: Teats hie in ierpel mei twa koppen, Sjerp, ha jo dêr wolris earder fan heard.?

SJERP: In ierpel mei twa koppen, da's frjemd. (Giet oan de oare kant fan 'e tafel sitten, Meint en Teats wer skile.)

MEINT: Der komme nuvere dingen yn de natûr foar. Sa wier der fan 'e maittiid yn 'e Haske in boer, dy fong in bigge mei in lammestirt.

SJERP: Mûle iepen) Mei in lamme stirt ?

MEINT: Wier; en mei in túfke wol tusken de earen !

SJERP: Nûver---^Hie dy boer syn bargaen dan by de skiep rinnen ?

MEINT: Faeks wol. Hwerom lakeest Teats ?

TEATS: Hâld hjar mei leijen goed) Ik ? O, mar ik laitsje net !

SJERP: En libbet dy bigge noch ?

MEINT: Né, dy hinget nou yn 'e Haske yn 'e beam.

TEATS: (Begjint to sjongen:) "Yn 'e Haske hinget in baerch yn 'e beam."

MEINT: (Stomt hjar oan dat se stil wêze moat, tsjin Sjerp:) "Nou geane de polderjonges moarn foart, nou Sjerp ?

SJERP: Ik bin der noch efkes hinne west, sjuchris, hwat ik fan hjar krigen ha. (Hellet de kop fan in elektryske fytslantearne út 'e bûse)
Fan it Slangenminske krige !

TEATS: It Slangenminske ?

SJERP: Oars kin ik him net. Elts hat dêr sa syn bynamme, de Reade, skele Harke, en mear sokken.

MEINT: Hwat ding is dat, Sjerp ?

SJERP: In ny soart Elektryske lantearne.

MEINT: Da's de kop fan in gewoane fietslantearne.

SJERP: (Besjucht it ding tige) Né, né, dit is hiel hwat oars. As jo mei dizze lantearne oan 'e fyts op in dyk ride, dêr 't elektryske peallen op steane, den nimt it ding sa mar de stream oer en begjint to barnen.

TEATS; Dat kin net.

SJERP: Hwat scoastou dêr nou fan wite. Se prate ommers ek al sûnder tried.

MEINT: (Stomt Teats oan) Jawis, och dy frouljue binne net op 'e hichte fan 'o tiid, Sjerp. Mar --- as der nou ris in oin dyk is sûnder tried hodd

SJERP: Dan moat men earst by in tried lâns rido, en don nimt or safolle gûd op, dat mon der noch in ûro fan barno kin.

MEINT: Dan kinst nou wolris nei de frouljuos, Sjerp !

SJERP: (Glunder) Sneintojoun daadliks.

TEATS: (Barst yn laitsjen út)

+++++TUSKEN GERDYN TA+++++

JARICH: (Fleurich fan rjochts op) Sjoch jo omke, sa tsjoent men nou, (bliut stean, sjocht om) Hwêr bliuwtter nou ? (giet nei de kant werom) Heidêr, omke !! Hwat ha wy nou ?

ALDE JARICH: (krukjende wei, mei in stive knibbel, op) Ik bin oer in woartel stroffele. It binne hjir ek allegearre beamwoartels oer dy boskpaeden,

JARICH: Dat tropke jongefammen fan niis krekt sa wer tofolle neisjoen tink ?

ALDE JARICH: Dy songen dy kampferskes dochs sa enige moai, sa pittich, dat ik moast wol omsjen, en ja, do bin 'k efkes stroffele-Deksel hwat docht my dy poat sear ! (wriuwt syn knibbel)

JARICH: Sa rinne de snobbers to pol...

ALDE JARICH: (Lilk) Snobbers, hwer hast it oer. Dou wist net iens hwat snobben is ! (wriuwt tige) Hwat docht dy knibbel my sear, ik koe him wol fordraeid ha.

JARICH: As der mar gjin synwetter ûnder komt !

ALDE JARICH: (binauwd) Né wol ?

JARICH: Sa kin omke^{yn} syn frije ûrke ek noait nei it feest fan it febryk.

ALDE JARICH: As se dêr oars net teapje as sûpe, dan kin my dat ik neat skele!

JARICH: Nei dokter, omke !

ALDE JARICH: Ik - net - nei - dokter - !!

JARICH: Ik wit rie; Hjir wennet in wûnderdokter, dy knapt yen sa mar op.

ALDE JARICH: Sa'n pisse yn it fleskekiker, fansels....

JARICH: Ek niet iens. Hy sjocht yen ris goed oan; fimele~~f~~amelet hwat mei syn hannen om 'e knibbel hinne, en dan goait er de kwael ta de ruten út !

ALDE JARICH: Dy moat ik ha ! Meist my wol hwat steune, jonge.
(de earm om Jarich syn skouder, sa togearre ôf)

+++++TUSKENGEDYN+++++

8e B I E L D.

DE WUNDERDOKTER.

TONIEL: Keamer. Midden tafel, eltse kan in stoel. Op 'e tafel in globe. Inkele dikke boeken. Oan 'e muorre in pear platen.

DOKTER- snor en burd - greate ûlebril- sit lofts fan de tafel.

HANS - ûnnoazel type, klean to lyts - nauwe, to koarte broek; wite hoazzen fan eigen jern.

DOKTER: Dos dou woest hjir feint wurde ?

HANS: Ja--'e dokter-

DOKTER: Da's goed; dokter moast sizze. Ho hjitste ?

HANS: Hâns....

DOKTER: Dan hjist fan nou oan Harry- Der yn 'e keamer hinget wol in jaske, doch dat mar oan. Nim dan in stofdoek mei, dan kinst it hjir hwat ôfstofje, en aenst de klanten yn litte-

HANS: Goed, dokter. (sloft nei lofts)

DOKTER: (slacht in dik boek iepen- lêst...

HANS: (moai hûsfeint jaske oan) Sil 'k de earste mar roppe dokter ?

DOKTER: Hé ?

HANS: As ik de earste ~~mar~~ pesjint mar roppe sil. Se protte ta it wachthokje út.

DOKTER: Dan mar los - Harry - Ja - earst de ryksdaelder oannimme; ik haw hjir lêsten in pear holpen, dy hiene gjint synt op harren gewisse. Dêr is de kunst to djûr foar.

HANS: Dos earst in ryksdaelder - Komt klear, dokter.

DOKTER: (lêst wer).

HANS: (Mei Alde Jarich en Jarich op, bigjint ôf to stofjen)

DOKTER: (Oerein) Hwat skeelt der oan freon ?

ALDE JARICH: Ik ha myn knibbel fordraeid, en nou is Jarich bang, dat er synwetter ûnder komt. (as dokter der mei de hannen nei wiist)
Net oankomme !

DOKTER: (koart) Dat hoeft net iens- Harry, gean dêrre stean !
(Wiist nei lofts foar)

HANS: (giet dêr stean, gesicht nei 't publiek)

DOKTER: (Makket rêdde biwegingen mei hannen en fingers om 'e knibbel;
smyt dan ynienend beide hannen efterút; de kant út fan Hâns)
(De kwael giet yn Hâns syn knibbel oer !)

HANS: (Lûkt in taei gesicht, en bigjint de knibbel to wriuwen)

DOKTER: (efterút) Stap nou ris wer.

ALDE JARICH: (earst forsichtich, letter dounset hy it út.) Better man, better
Kom mei Jarich, dêr keapje wy ien op ! (hurd ôf)

JARICH: (Taei gesicht, beurs út 'e bûse, sjocht er yn, dan ôf)

DOKTER: Twadde pesjint, Harry.

HANS: Ja, dokter ! (Stiif en krukjend nei rjochts.)

DOKTER: Tink om de ryksdaelder.

HANS: Ja... dok... o ! (steane bliuwe; knibbel wriuwe, dan ôf)

DOKTER: En dyn kwael ?

JORKE: Siik bin 'k net. Mar myn forkering....

DOKTER: Frijerij saken ha in dûbel tarief.

JORKE: Da's neat ! As ik myn read hier mar kwyt bin ! Hwant Gelske
seit, ik moat myn hier swart meitsje oars makket se de for-
kearing út !

DOKTER: Liz de ryksdaelder hjir mar del - Sa - Harry, dou nei de oare
keamer, en dou jongfeint yn 'e wachtkeamer. Net ûngeduldich
wurde, hwant dit preses is net mak'lik. Ik sil wol roppe.

HARRY: (krukt nei lofts, Jorke nei rjochts ôf)

DOKTER: (Makket in hiele bulte mirakels mei de hannen. Smyt dy krêft
tich nei siden, ropt:) "Nou !"

JORKE: (Komt op, hat nou in bosk moai swart krol hier.)

DOKTER: (Hâldt him in spegel foar)

JORKE: (Springt omheech.) Hoera, da's wol twa ryksdaelders wurdich !
Daed'liks nei Gelske- (hurd ôf)

DOKTER: (giet sitten, ropt:) "Harry"

HANS: (Komt op mei fjûrread hier, noch krukke !) Ja, dokter !
(ôf en wer opkomme mei Ale, dy 't de holle skoddet en Thys
dy 't de hannen trilje; bigjint sels wer to ôfstofjen,)
(Tink om 'e ryksdaelder, dy 't er eltse kear op tafel leit !)

DOKTER: (Bliuwt sitten) En, mannen ?

ALE: O, dokter, wy wolle dat triljen sa graech kwyt !

DOKTER: Ho lang ha jim dat al ?

THYS: Noch mar krekt, dokter. Wy fietsten nei ús wurk, do 't in greate soldate auto ús tsjin 'e hûd ried, en wy beide yn 'e toarnbeijen to lânne kaemen. Dêr bin wy sa kjel fan wurden, dat ale de holle net stil hâlde kin, en ik do hannen net.

DOKTER: (Is oerein gien, stiot nou flak foar harren-) Hm - my stiif oan sjen - Harry, dêrre ! (Wilst nei lofts foar) (tige mei de hannen foar harren omspegolje, krôftich nei Hâns goaije-)

HANS: (Syn holle bigjint stadich to skodzjon, en dan de hannen)
(n e t o o r d r i u w o ! ! ! !)

ALE EN THYS: (Bliid) Hoorra ! wy bin 't kwyd. (Ôf)

HANS: (Stroffoljende, en skodzjende nei rjochts)
"Ik gean fuort; ik wol alle kwaelen net yn 'e hûd ha !

DOKTER: (Glimket)

+++++GERDYN TA+++++

(FOAR IT TUSKEN GERDYN)

ALDE JARICH: (Komt floitsjende on mei de stok swacjende wei op)
Dêr bin 'k wol 20 jier jonger fan wurden. Nou kin ik wol nei it bûterfebryksfoest !

JARICH: MUNDUS VULDUS DECIPI !

ALDE JARICH: Krekt, de wrâld wol bidragon wurde. Dan moast dy Yndisko fakirs ha; dy smardon jin gewoan de eagen ta, wylst men der by stie. Ik haw it sols sjoen, dat sa'n keardol in gewoan slop touw in ein de loft yn slingero; dat stean liet as in bamboe, en dat dêr in jonge yn op klottere, Letter wier it wer gewoan slop touw!

JARICH: Meitsje dat de kat wys.

ALDE JARICH: Ik woe it ek noait leauwe; mar ik ha 't sels sjoen !

JARICH: Hwat hie omke doe hawn; sûpe of wiskey ?

ALDE JARICH: Sa'n aep ! Leau it dan net !

JARICH: Omke hat in reade streep op 'e foarholle !

ALDE JARICH: Ikke... (fielt him op 'e foarholle) een reade streep op 'e foarholle ?

JARICH: Fan 't ligen !

ALDE JARICH: (Stok omheech) Dou komst net yn 't testamint.

JARICH: Myn twa tientsjes....

ALDE JARICH: Dy krigest wer, sa gau ik pensjoen bar. Mar yn it testamint, komst net; sa moai kinst net sjonge !

JARICH: En ik ha nou krekt in sin om ris to sjongen. Hwet sille wy ynsette omke ?

ALDE JARICH: (bromt) Hm, om myn part, ouwe taeije...

JARICH: Né, ien fan ús moaiste Fryske sangen.

ALDE JARICH: Och, hwat; jim Friezen ! Jim kinne net iens de wurden fan jim eigen sangen; de earste rigel, dat giet wol; de twadde wurdt al minder, en fierder sjonge se oars neat as: (sjongende wei)
la, la, la,...la, la, la, la, la, la, laa....
Mar skiettesankjes; dy kinne se better, ta de bern ta. De mas-
ters moasten op skoalle de bern folle mear Fryske fersen leare!

JARICH: Roerend mei jo lens, omke. Mar da's de lêste jierren gâns better wurden. Op doarpsrounten, útfieringen en sa, oeral heart men ús Fryske sangen. Sil jo yn nije wike fan op harkje by it feest fan ús febyrk !

ALDE JARICH: En dochs wol ik om in fleske whisky mei dy wedzje, dat de ljue dan better in strjittesang kinne, dan in goed Frysk fers.

JARICH: Dat stiet-. (tsjin 'e seal) "Minsken. Jim ha ús weddenskip heard. Tink er om, ik moat net mear kwyd as dy twa tientsjes- Tasjonge- It Heitelân !" (Piano slacht oan; Jarich slacht de miette; as 't út is, faget er him it swit fan de foarholle. "En nou jou !")

ALDE JARICH: (Hat glimkjend ta harke). Ja, nou ik ! Dou der oan 'e piano de klep iepen ! En slach dy de fingers blaww. En jimme, freonen fortissimo ! Tink om myn whisky ! SARY MARYS ! (Tige mei de stok de minsken oanfiterje- as 't út is) Sink you, Sink you ! Hospes in glês whisky op Jarich syn kosten !

JARICH: Ik sil 't dochs wol bitelje moatte tink - Mar dudlik wierne do wurden net omke !

ALDE JARICH: Dat komt, omdatst gjin Transvaeksk forstietst. Mar de pannen tilden súver op. Jonge, hwat kin dy Himmelommers sjonge ! O, dêr is de whisky ! Proast ! Da's better as sûpe ! (drinkt).

KELNER: Hwat ik sizze wol, minhear.-

ALDE JARICH: Nou, siz it mar.....

KELNER: Dêr stiet ek noch hwat.....

ALDE JARICH: Noch mear whisky??

KELNER: Né, ... ik bidoel,-- in lyts rekkentsje....

ALDE JARICH: (drinkt; wiist meide tomme efterom nei Jarich).

JARICH: (knikt det it goed is).

KELNER: (óf mei it lege glês).

JARICH: Ho fier is de klantekaert, omke?

ALDE JARICH: (Faget de snor óf) Hwer hast it nou oer?

JARICH: Wy moatte in klantekaert ha, oars krije wy dat lekkere guod net.

ALDE JARICH: Is sok spul dan ek al op distrebusje?

JARICH: Lyk as hast noch alles. Op'e klonpon nei. En der slagge se yen dan ek hast blyn mei. - Yn't swart fansels.-

ALDE JARICH: De molke ek op'e bon? Nou net raerder!

JARICH: Noch in pear jier, en dan moatte de ljue wer ta mólkebrûken oanset wurde. Eet melkbrood! Eet kaasgerechten! Of de ljue moasten yn de oarloch dochs noch hwat leard ha! Do wisten de stédljue wol, dat molke sahwat it ienigste goede fiedsel wier! Sels út Snits wei kaemen se hjir om molke.

ALDE JARICH: Dan mochten se der ek wol mei de auto op út.

JARICH: Auto? Op kusjebannen en op'e felgen fytsten se! Do ha de boeren tige har meiminsken bystân; oars hie it yn it Easten dochs oer de greppel gongen. Der wieren lykwols ek inkelden, en dy skolden soms it hyrdst op'e bisetters,- dy't de molke earst ôfskepten en dan djûr forkoften!

ALDE JARICH: Sokken moasten se kylhelje!

JARICH: Lokriah wieren dat mar inkelden. As de stêdljue nou skielk ek mar om de boeren tinke, as der fan alles hwer tofolle is! Mar dan iêe se hwer margerine! De bûter foar in krats nei it bûtenlân, on ús soldaten margerine ite!

ALDE JARICH: A-poe! Mar de margerinefabrikanten moatte op lêst ek libje!

JARICH: (spotsk) Dy libje nou fan 'e "stoun"! Mar jo bigripe wol omke dat sok swalkjon om molke, hwat rogge en sa, de measte stêdljue, de kiol út bigoun to hangjen. En dêrom prebearren se ok "zolfverzorgor" to wurden.
Sjuch mar ris.--

(boido ôf).

+++++

9e BIELD.

"SELSFORSOARGERS"

(Tuskengerdyn iepen)

Toniel: Keamer, yn'e midden, tafel, wyt kleed, trije pânstjes mei ieten, messen. Trije glêzen mólke. Molkanne, Sjempotsje.

Persoanen: Lofts fan'e tafel "paps", rjochts "Moeke", efteroan Nelly. allegearre ite.

NELLY: (priwt fan'e molke; fiis gesicht)
Bah! wat smaakt die melk weer raer!

PAPS: Must bliid wese, dast nog melk heste! Daer sjou je nou 's avons de boeren om ô!

MOEKE: 't Kyn het gelyk! Dy molk is niet lekker!

PAPS: (priwt ek) Hmm.....

MOEKE: Sêg nou sels.....

PAPS: Nou, ... lekker is aens.....

NELLY: Paps het him weer wat in'e hânnen douwe laten.....

PAPS: (lilk) Pyst... hael dan sels..

MOEKE: 't Kyn het gelyk --

PAPS: (bout nei) 't Kyn het gelyk --- 't Kyn het gelyk ---
Ken ik it helpe, dat dy boeren jen sukke rommel in'e hânnen douwe? -- Dy koestallen binne ommers altyd like dûster!

NELLY: (skouwt har glês foart) Ik wil't niet hê! ---

PAPS: En daer betaal je nou twie kwartsjes it flesfol feur ---
Maar 't is de laeste keer weest!

MOEKE: Wat wuden jou dan? Thésurrogaat miskien?

PAPS: Feur gien nò soa feul --- Né, ik hê der allang met omlopen--
ik wurd selfverzorgor ---

NELLY: O, paps, Wat fijn!

MOEKE: (spotsk) Ja? -- Waarfan?

PAPS: Sa'k jim útlekke -- Sien -- ons koalehok is dochs altyd leech --- nò ha'k docht, daer musten wy in geit in houwe..

NELLY: (klapt yn'o hânnen) O, fijn! Mag ik hur dan foere, paps?

MOEKE: En wie sal dy geit melko ----?

NELLY: Ikko, moeko!

PAPS: Dat doon'k sels. 't Mocht nog al wat. Ik hê su faek al melken sion; da's allegaer niks. Je trekke maar, on dan loopt de molk der su maar út.----

MOEKE: Mar is't winter wudt, dan friest dat best dood!

PAPS: Niks allegaer -- hê 'k ok om docht. Dan halo wy dat ouwo loop-
rok fan Nel, en dan sette wy it bist daar four de kast.

MOEKE: Die smoerge troep hier in mion kaemer? Noait!

NELLY: Hê, toe nou moeke; paps ken ommers wol in goit kope, dy skoan
is!

PAPS: Hê 'k allegaer om docht --

MOEKE: Mar su'n bist mut oek freten hê ---

PAPS: Hê 'k ok om docht. Ik koop in pak stroo, en jim hale de earpel-
skilen, en'e koalsbladen fan 'e buren.

NELLY: Hê ja, wat fijn! Dat doen ik, moeke!

MOEKE: De eerste twie dagen. Dan gane jou naer skôle, en paps naer it
kantoor, en dan ken ik met de goit ompielle.

PAPS: Foul koalsbladen, daer geve se foul melk fan, hê 'k wol is heard.

MOEKE: Ik sion jou al melken.

PAPS: Siest my four so'n stumper an?

NELLY: En aers leer ik het wol. Dan kanne dy boeren hun goare melk
sels mar opsupe!

MOEKE: (strang) 't Ken wol wat fetsoenliker, niet!

PAPS: 't Kyn het gelijk, frou; dan bin ik ok fan dat melkhalon ò.
Mienste dat it su'n lolletsje is, om alle avens op dy holly-
baennen de dyk út? En dan staen te skoaijen om in fles goare
melk, dy 't dy strupers sels earst al ò skopt hê?
(oerein) Né hur, ik gaen daliks naer de merk. Kan 'k nog krekt
feur 't kantoor opknappe. (nei rjuchts)

NELLY: (mei in úthaal) Papps

PAPS: Ja, kyn ---

NELLY: Paps, koop nou megien su'n keesfatsje, dan kenne wy goitokees
make!

PAPS: O - ké ! (ôf)

MOEKE: (ropt him nei) Laet dy niks in'e haennen douwe!
(set de itensboel yn in blikje) Dut ken moai wudde!

NELLY: (klapt yn'e hânnen) Fijn, moeko, fijn !

MOEKE: (stroof) Ja, wel fijn!
(bringt it spul nei efteren. Nelly teart it tafelkleed op.
moeke komt op mei it gewoane kleed, dat se oer de tafel leit).

NELLY: Ik haal't loophek, moeke!

MOEKE: 't sal moai wudde! (set ien en oar te plak).

NELLY: (mei loophek en in âld kleed). 'k Hê oek mar in oud kleed
metnommen. (set ien en oar foar yn'e keamer)
Moeke, as su'n geit in plasje doen mut, seit er dan mè?

MOEKE: Och kyn, -- loop hiene... (sjucht ta it finster út)
Daer staat jim vader al in keapel met in geit --
(beide sjogge tait finster út)

NELLY: Fyn, wat in groat bist!

MOEKE: Must nou ris sion -- se slaene mekaer in 'e haennen, as waren
se op'e merk. Docht ik et niet -- met groat lef de portefuillje
út 'e buse. Daer gaene ons arme sentsjes. -- welja, nou òk nog
fuskje -- it touw --- daer hê je de brot -- och stumper.
(draeit har om).

(FOAR IT TUSKENDOEK)

ALDE JARICH: Hwat in taeltsje, dat Snitsers, net?
Mutte jou sion, kien. Jou mutte niet soo seure, kien!
Nó, dan de ochte Frysko taol;
De Gaosterlânners moatto dat "ronne", en "de murro" en
"de skurre" ok ris oan kant smite; de "barn" Frysk op skoalle!

JARICH: Jo binne dochs noch Fries, omke! Ik bliuwde hjir mar.

ALDE JARICH: A-poe! Ikke not! Ik gean hwer nei de klapperbeammen, en nei
myn swarto húshâldster.

JARICH: It spyt my dochs

ALDE JARICH: O, ha mar gjin soargh oer dyn beide tionsjes!

JARICH: (hângobaor) Nim dy fan my oan op 'o jierdoi.
Jo hierno it nys oer ús moaije Frysko taol, omke. Mar dy
wurdt ok al raer forknoeid. Dêr slûpe ek in bulte útlanske
wurden yn.
Lústerjo mar ris nei hwat in spotske dichter dêr ris fan
song:

Ús taol is sa swiid, en sa ryk en sa moai,
Sa suver as goud, ûnbidern.
Wy garje dêr linkonde woi noch by yn,
Ús taol groeit noch stadichwoi oan.
Wy ploitsje mei nocht dan sa slinende woi,
de blomkes út oaromâns tún.

In briedstool, dy't smûk ús ta sitten ropt,
Dy noam wy tsjintwurdich "crapaud",
As immen ús trapot de lykdoarnen plat,
Den seit or: "O, sorry" -- net "Ho"!
Wy switte not langer, mar ha transpiroord.
In middeismiel is in diner ..
In man dy't fan âlds noch in foardrager wior,
Dat is nou in "Conferancier"!

In hûs is in villa; in herberge "Café"!
In paed lâns de kant hjit trottoir,
In faos op 'o tafel mei blommen; in pul.
In broek hjit nou soms "directoir"
Tsjin klonje seit men ionfâldich "odeur"
De post yn, dat is nou "de pé"
In hok hjit garage, in blæk in "gazon".
In húsko, dat is in W.C.!

Meist immen not lijo; da's antipaty
En earnstich, da's serious.
Forskate, dat is nou divers
Men is not gek mear, wol norveus.
Hannys mei jenever, wurdt "cocktail" nou neamd,
In nacht útfanhûs, in "weekend"
Hwat moai is, is zalig, hwat raer is absurd,
In musykkorps, hjit nou "in bend"

In solder is fliering, pronkkeamer salon
Myn galgen, dat binne bretelles,
De lampe, dy hinget by ús oan't plafond,
De heazzen fan't wiif oan jarretelles,
De kofje is mocca, de koeke is cake.
Bonbon hjit sa'n ding by de thé.
In pûst of in stienswalm is in abces.
En sipels mei fleis is haché.

NELLY: (stiet to dounsjon foar it rû't)
Hoora, wy wudde selfverzorgers - Ik sal paps de dour op doon-
(stouwt ôf).

MOEKE: Yn'e goedigheid

PAPS: (op mei in bok) Da's flug hê! Liop ik krekt de goeije teugen
't lyf. -- Kwam fan'e Toppenhûster kaont; en goskikt yn'e
priis.

NELLY: (tilt it loophek op) Set hom op, paps.
(de bok komt deryn).

MOEKE: (sjucht fol noeden ta).

PAPS: Ons boerdery -- Nou in panno, froulu, nou krye wy melk ...
(docht de jas út).

NELLY: (stouwt nei efteren, en komt werom mei in handige panno)
Sû dizze groat genoeg wese, paps?

PAPS: Aens leegst him mar ris. (krijt de panno, wol oan'e side de
geit melke.

OMKE GEART: (boerich type) Moarn allegearre.
(bliuwt stom forbaze stean) Goede grytsje - hwat ha wy nou?

PAPS: (skript mei de bok).

NELLY: (foorret him brea).

MOEKE: Nelly, kyn -- it wudde allegaar krumels!

OMKE GEART: Bistou boer wirde, Tsjeard?

PAPS: Help my lieber. Dy stommeling wil niet stil staan.

OMKE GEART: Hast al in fêboekje? -- Mar dou moast de geit net oan'e siden
melke!

PAPS: Dat doene de boeren de koolen dochs oek!

OMKE GEART: In geit is gjin kou --- (pakt de geit by de sturt).
Ha, ha, ha, ... soestou ha, ha, ha,

DE OAREN: (sjugge him forbare oan).

OMKE GEART: Ha, ha, ha, soestou de bok melke Ha, ha, ha.

+++++GERDYN TA+++++